

# Durk van der Ploeg: 'Reis nei de Kalkman' 'Goede' Dútsers sintraal yn

"Oarloch, frede, alles hat syn wetten. Dat is like wis as ebbe en tij. Dêrom mei der fyftich jier nei de oarloch gjin plak mear wêze foar haat tsjin minsken dy't ús fiif jier ûnder de knút hiene". Sa begjint de ferantwurdiging fan de roman 'Reis nei de Kalkman' fan Durk van der Ploeg.

AD 15/4 1995

JAN JONGSMA

It binne wurden fan de ik-figuer, de fiktive auteur, in eardere ûnderwizer. Troch syn eagen makket de lêzer it romanferhaal mei. "Jierren lang haw ik notysjes makke fan pe-tearen, en waarnimmings opskreaun dy't har yn 'e rin fan 'e jierren tsjin de eftergrûn fan de oarloch yn myn neiste omjouwing ôfspile hawwe. No, fyftich jier nei de oarloch, haw ik dy oantekens ferarbeide yn wat ik no mar oantsjut as fertellings dy't mienskiplik in byld jouwe fan guon foarfallen dy't him yn ús doarp ôfspile hawwe".

Dat doarp leit yn Dongeradiel, it gea dêr't ek oare oarlochsromans fan Van der Ploeg har ôfspylje. Dit ferhaal spilet oan de Waadseekust tusken Wierum en Peazens-Moddergat mei Nes as it sintrale doarp. De ferhaaltiid beslacht mear as in heale ieu: fan 1944 oant en mei 4 maaie 1995.

## Haadfigueren

Yn 'Reis nei de Kalkman' giet it eins om twa haadfigueren: Anna Richter

en de Dútsler Günther Ewaldsen. Mei harren hat de ik-figuer in bân hân en dêrom skriuwt er harren ferhaal op. Dat docht er, as beide net mear libje.


It ferhaal begjint yn 1994 mei de begraffenis fan Anna Richter, mem fan ien dochter en nicht fan de ik-figuer, dy't in heale ieu widdo west hat. Se hat oardel jier trouw west mei de ûnderwizer Jelle Richter, in freon fan de ik-figuer. Jelle is yn it lêste oarlochsjiur tusken Nes en Moddergat troch de Dútsers deasketten.

De oare haadfiguer is Günther Ewaldsen, de Dútsler dy't mei frou en bern nei de oarloch delstrykt as twadde wentebesitter yn it hûs njonken Anna Richter. Nei't er skie-

den is fan syn frou, festiget er him definityf yn Nes. Dêr wol de eardere Eastfront-strider in nij libben begjinne, in libben mei Anna dêr't er fereale op is.

Foar har brekke der dan drege tiden oan. Tsjinstridige gefoelens foar de persoan fan Ewald komme by har op. Oan de iene kant gefoelens fan tagedienens en sels leafde, oan de oare kant gefoelens fan ôfstjitting. It is ommers in Dútsler en se fielt it as in foarm fan ferried oan har ferstoarne man, as se har oan Günther bine soe. "Ik fielt it as haw ik Jelle ferret, sei se hieltyd wer". (side 69)

Yn it ferhaal oer Anna en Günther komt in dramatyske kear op 4 maaie 1970. Foar de fiifentwein-



Durk van der Ploeg

# yndrukwekkende roman

tichste kear wurde dy jûns de yn de oarloch fallen deaden betocht. Dat bart by it nammebuordsje fan it paad, dat nei Jelle Richter neamd is. As de betinking al oan 'e gong is, komt Günther Ewaldsen der ynniken oanstappen en hy giet njonken Anna stean. Hy wol ien wêze mei de betinkers, mar dat wurdt him troch de befolking fan Nes net yn tank ôfnommen. Jûns wurde der yn 'e kroech al wraakplannen smeid en op 5 maaie fynt in folksgerjocht plak. Günther wurdt fûgelfrij ferklearre en hy moat útnaaie. Hy flechtet – krekt as syn pake yn septimber 1939 – it Waad op, op reis nei de Kalkman. Hy oerlibbet de tocht net en ferdrinkt. De útdrukking 'Hy makket in reis nei de Kalkman' is

sûnt dy tiid synoniem foar 'Hy giet syn dea yn 'e mjitte'.

It foarfal hat Anna har fierdere libben behearske. Har dochter Tsjikke ferwurdt it sa: "Mem is dat foarfal mei Günther Ewaldsen nea tebope kommen, se hat der ûnder lit en is nei in kwinend bestean as slachtoffer stoarn". (side 169)

## Oare Dútsers

Njonken de figuer fan Günther Ewaldsen komme der noch in tal Dútsers yn it ferhaal foar. Dat is yn it foarste plak de sympatike jonge soldaat Kasper August Klingemann. Hy hat in funksje yn de keuken by de Dútske kustwacht ûnder Nes. Mei tsjinsin is er soldaat en yn 1944 desertearret er en dúkt ûnder yn de wente fan de âlders fan de ik-figuer.

Twa Dútsers komme oan 'e ein fan it ferhaal noch op it âljemint. Dat is allerearst Wolfgang Schöde, de healbroer fan Günther Ewaldsen. Fan 1942 oant 1945 wie er de fanatike Feldwebelleutnant by de kustwacht en hy wie it, dy't de dea fan Jelle Richter op syn gewisse hat.

In moardner komt altyd werom op it plak fan de moard, wurdt faak sein. Dat jildt ek foar Wolfgang. Hy lit op it plak fan de huzen fan Anna Richter en Günther Ewaldsen in kolossale filla bouwe. Hy sil trouwe mei de op it each sa luchtige en fan it libben genietsjende Gretha Lampe, de eardere freondinne fan Anna Richter. Mar ek sy hat in skiednis efter de rêch. Yn 'e oarloch wie se fereale op de jonge Dútser Georg Röhm, dêr't se fan yn ferwachting rekke. Hy moast nei it Eastfront en dêr is er nea wer weikommen.

## Bou

'Reis nei de Kalkman' hat in nijsgjirrige bou. It ferhaal begjint mei de begraffenis fan Anna Richter yn

1994 en eindiget mei de deadebetinking op 4 maaie 1995, de earste betinking sûnder Anna. Dêr tusken yn belibbet de lêzer it hiele ferhaal fan de dea fan Jelle Richter oant de tiid nei Anna's ferstjerren. Dat bart yn 'e foarm fan flash-backs, fan ferhalen fan doarpslju en oan 'e hân fan oantekens yn Anna Richter har skoalskriften, dy't de ik-figuer – in fiktive skriuwer – fan har krigen hat.

De roman oer oarloch en ferset, oer leafde, haat, eangst en teloarstelling en wrakseling mei en ferwurking fan it oarlochsferline lit him as in trein lêze. Eins wurdt de lêzer de sinnen bylâns dreaun, sa is it my alteast fergien.

Nei 'De Jacht' (1988) en 'It wrede foarjier' (1993) is 'Reis nei de Kalkman' de tredde roman fan Durk van der Ploeg oer de oarloch. Yn dy trije romans lit de auteur dy oarloch fan ûnderskate kanten sjen. It tema fan dit boek is de ferwurking fan it oarlochsbarren, sawol fan Fryske as fan Dútske kant. It is in roman dy't net útgiet fan it idee, dat Dútsers yn 'e oarloch per definysje ferkeard wiene. Yn 'Reis nei de Kalkman' spilet de 'goede' Dútser in wichtige rol.

De (steurde) relaasjes fan de romanfiguren – sawol de Fryske as de Dútske – mei it ferline en harren ûnderlinge relaasjes hat de skriuwer komponearre ta in boeiende en yndrukwekkende roman. It is in ferhaal dat net allinne tige lêsber is, nettsjinsteande nochal ris in herhelling fan beskreaune feiten, mar it is ek in ferhaal dat in nuansearre byld fan de oarloch by de lêzer efter lit.

*Durk van der Ploeg: 'Reis nei de Kalkman'. Utjûn as Gurbe-rige nûmer 124 troch de Friese Pers Boekerij. Tal siden 207. Priis: f 24,50.*




Foto: Jannes Faber